Moasje

Partisipaasje buorskip Selmien-West

Dizze moasje heart by agindapunt Wijzigen Gemeenschappelijke Regeling Exploitatiemaatschappij Bedrijvenpark Drachten fan de riedsgearkomste fan 22 april 2025

Foarstel
Wy freegje it kolleezje om:

1. Yn it ferlingde fan it eardere amendemint út 2023 by de ûntwikkelingen fan it bedriuweterrein, it wurkgebiet, aktyf yn petear te bliuwen mei de bewenners fan it buorskip Selmien-West. Yn de petearen yn it foar dúdlik meitsje wat de ferwachtings wêze meie fan in partisipaasjesproses;
2. Yn dizze petearen ek each te ha foar hoe't de rêst yn it buorskip bewarre bliuwt troch nei te tinken oer it beheinen fan ferkearsyntinsiteit en mei passende ynfrastruktuerele oplossings te kommen (bygelyks in ekstra ontsluting) om soks ek mei te nimmen yn it bestimmingsplan. En derneist ek yn petear te gean oer mooglike ljochtfersmoarging en de beheining hjirfan;
3. Út te sprekken dat sy each hâld foar it karakter fan buorskippen en it yn stân hâlden fan dizze histoaryske plakken;
4. Mei de ûntwikkeling fan it sketst wurkgebiet dúdlik te hawwen watfoar ûntwikkelings der noch mear yn it gebiet spylje.

Motivaasje

1. De útfiering fan it part fan it amendemint om Selmien-West te belûken wurdt troch beide partijen, gemeente en bewenners oars útlein. Mei dizze oprop jouwe wy as ried oan dat der ynspanning dien wurde moat om nei it sin fan beide partijen yn petear te wêzen wêrby wy in pro-aktive sichtbere rol fan de gemeente freegje.
2. Takomstige ûntwikkelingen lykas de beslissing oer it trasee fan 380kv line as de noch net dúdlike wentebouplannen fan Smellingerlân yn de rjochting fan of sels op Opsterlâns grûngebiet, kin it wurkgebiet as ek de plannen wol ris wizigje. Dit kin opsmite dat der op nei de tekentafel opsocht moat wurde oangeande it wurkgebiet.

Dizze moasje wurdt yntsjinne troch:

Harm de Jong, Bareld van der Meer, Hans de Jong, Rein Postma en Oebele van der Veen

---

Yn te foljen troch de griffy:

Dizze moasje is sûnder stimming oannaam yn de riedsgearkomste fan 22 april 2025

Griffier,

Laura Meijer

Foarsitter,

Andries Bouwman

In moasje is meastentiids in fersyk oan it kolleezje. Alle riedsleden kinne in moasje yntsjinje yn de riedsgearkomste. Yn dy riedsgearkomste stimme de riedsleden oer de moasje, dan wurdt hy oannaam (de mearderheid stimt foar de moasje) of fersmiten (de mearderheid stimt tsjin de moasje).